

Meidielingebled



Fier fan Hûs

Fryske Krite Boedegraven e.o.

Raaigras 22, 2411 DW Boedegraven



Jiergong 26, 2021-2022
Desimber 2021

GEARSTALLING FAN IT BESTJOER

Foarsitter	Hans. Dijk	Raadhuisplein 33, 2411 BD Boedegraven till. 0172-613143; E: hanshenny.dijk@ziggo.nl
Ponghâlder en 2^{de} Foarsitter	Theo. Schiere	Buitenkerk 64, 2411 PC Boedegraven till. 0172-612455; E: z.schiere@kpnplanet.nl
Skriuwer	Tini. Broere- Tiesinga	Raaigras 22, 2411 BW Boedegraven till. 0172-615129; E mail fan de krite: fryske.krite.boedegraven@gmail.com .
3^{de} Foarsitter	Klaasje. de Vries-Suurd	Herbarenerf 30, 2743 HA Waddinxveen till. 0182-613842; E: klaasjesuurd@hotmail.com
2^{de} Skriuwer en redaksje	Nico. Woudstra	Ronsseweg 3-105, 2803 ZA Gouda till. 0182-532886; E: nicowoudstra@planet.nl
Leden	Annie Schiere- Bouma	Buitenkerk 64, 2411 PC Boedegraven till. 0172-612455; E: z.schiere@kpnplanet.nl
+ Sjongkoar	Geeke. Sprokkerieft- de Boer	Eendrachtsweg 12, 2411 VL Boedegraven till. 0172-611133; E: gsprokkerieft@casema.nl
+Boekeferkeap	?	
Earelid	Klaasje van der Meer	
Kontribúsje	€ 10,00 de persoan, oermeitsje op banknûmmer NL 23 RABO 0308 879 651 t.n.v. Z.T. Schiere Fryske Krite Boedegraven	



FAN DE FOARSITTER,

Op it stuit wêrop ik dit foarwurd skriu, is de sitewaasje yn ús lân net sa bêst. De minsken hawwe gjin geduld mear om de koronamaatregels op te folgjen en de sikenhuzen binne sawat fol. It regear sit mei de hannen yn it hier en mei in pear dagen sille der wol wer nije maatregels bekend wurde. De takomst is ûnseker en it is foar eltsenien in hiele drege tiid. Dejingen dy't in bedriuw hawwe moatte mar sjen hoe se troch de tiid komme. Fansels kinne se oanklopje by de minister fan Finânsjes mar úteinlik wurde je dêr ek net better fan. De horeka hat in minne tiid hân en it like der earst op dat we de fleugels wer útslaan koene mar de lêste dagen hat it der mear fan dat we in nije golf fan rampen temjitte geane. De âlde minsken moatte harren koest hâlde en fersichtich omgean mei bern en bernsbarn. Mar ek as je it folk bûten de doar hâlde dan binne der ek noch allegearre mooglikheden fan besmetting. Der wurdt de lêste dagen sein dat it foaral de skoallen binne dy't it firus ferspriede mar it regear sjocht der tsjinoan om de skoallen wer te slúten. Op dit stuit is de hiele sitewaasje ûnseker. Der wurdt wachte op nije ynstruksjes fan de de minister-presidint mar de wjerstân fan de burger wurdt stees grutter. De jongerein wol wer nei it fuotbalstadion en se binne wakker ûntefreden as dat net tastien wurdt. De plysje hat it der tige drok mei en komt minsken tekoart.

Ek us Fryske krite moat noch efkes geduld oefenje. As bestjoer binne we koartlyn noch byelkoar west en we binne it der oer iens dat alles absolút feilich wêze moat foardat we wer byelkoar komme. We nimme as bestjoer gjin inkel risiko. We hiene al it plan om yn jannewaris 2022 wer in



gearkomste te organisearjen mar op dit stuit liket it der hielendal net op. It plan bestiet wol om op sneon 26 maart de Algemiene Ledegearkomste fan It Frysk Boun om Utens yn Boadegraven te hâlden en dan tagelyk oandacht te jaan oan it 75-jierrich bestean fan ús eigen krite. Mar it is allegearre ôfwachtsjen. Sa as it no liket, kinne we gjin kant út. Alles stiet op losse skroeven!

It ienige wat ik no dwaan kin is alle kriteleden it bêste ta te winskjen. As bestjoer hoopje we dat der foar de Krystdagen in kritekrantsje by jimme binnen komt. Dat kin fia de mail, dat kin fia de post en misskien komt it troch de brievebus.

It bestjoer winsket eltsenien dochs noch hiele goede Krystdagen ta en in fleurich 2022. Folle Lok en Seine yn it nije jier. En we hoopje meielkoar dat 2022 in better jier wurdt as 2021.

(Hâns Dijk)

LIMMERICK: DE TOARTEL

In toarteldo út Eastersee
socht foar har nêst om in moskee.
'Ik ha earst by in tsjerke bred',
seit 't bist, 'mar dat foldie my net.
Moskeeën binn' my mear nei 't sin,
om 't ik in Turkse toartel bin'.



Yn myn hûs is de hoanne kening, sei de man,
ja, as ik net thús bin sei it wyfke.

BERJOCHT FAN DE LEDEADMINISTRAASJE

Op 3 oktober 2021 is ferstoarn: Ijmke Antonia Melchers-Raterman.
De begraffenis wie op 8 oktober 2021 yn de St. Willibrorduskerk yn Boadegraven.

OPROP OAN 'E LEDEN.

Yn it “Meidielingebled” fan april 2021 stie in oprop om in stikje te skriuwen oer de impact fan koarona op it libben fan eltse dei. Foar de iene sil dat oars fiele as foar de oare. Foaral tidens de lockdown ôfronne winter koene minsken net in protte kanten út. En no sitte we wer yn in periode mei minder kontakten. It oantal besmettings rint eltse dei fierder op.

Om't der op de oprop yn april gjin reaksje kaam is, noch in kear de fraach: “Hoe giet it mei jo...? Je kinne dat dwaan troch in persoanlik ferhaal te fertellen/skriuwen, of in gedicht meitsje en opstjoere, miskien ha jo in ynteressante hobby en fertel der wat oer of miskien hat koarona jo parten spile, ensamear.

De redaksje fan it kritekrantsje sjocht der nei út wat fan jo te hearren. De kopij kin ynleverd wurde by Hâns Dijk of Tini Broere.

De ynleverdatum foar kopij is foar sneon 12 febrewaris 2022.

Wat is it libben dochs goed
‘k soe sjonge wolle en spylje
op de piano, oeren lang
en net my oare dingen dwylje.
(Harmke Tjepkema-Lolkema
ynstjoerd troch Gré Kamerling).



FERSLACH FAN DE ALGEMIENE GEARKOMSTE FAN IT FRYSK BOUN OM UTENS OP SNEON 9 OKTOBER 2021 YN HURDERWYK

Op dizze dei wie de jierlikse AG fan it Frysk Boun om Utens. Tusken de ferskillende koronamaatregels troch koe dizze gearkomste trochgean. Fan praktysk alle 14 oansluten krite wiene der offeardiggen oanwêzich. It folgende gedicht fan Fedde Schurer stie foarop it programma dat neamd wurdt 'It Ambyld' en de ynhâld fan dat gedicht jout wol oan wat de stimming is op sa'n gearkomste fan Friezen út it hiele lân. Fedde Schurer

hat dizze wurden opskreaun nei oanlieding fan it barren op kneppelfreed op it Saailân yn Ljouwert. Dat wie op 16 novimber 1951. De âlderen fan ús sille dat noch wol witte. De argewaasje op dy dei hat doe in protte opskuorring jûn. Hjir komt it gedicht:

*'Lit dan krûpe wat net gear doar
Lit dan bûge wat net stean doar
Dy't gjin krûpen learde, giet,
Dy't fan bûgjen frjemd bleau, stiet,
Heech it hert, heech de kop:
Frysk bloed, tsjoch op!'*

Moarns kamen de húshâldlike punten oan 'e oarder. Der binne op dit stuit yn totaal 1433 kriteleden en de krite yn De Haach is opheft. It oantal minsken dat dêr op de gearkomsten kaam rûn tebek en it kritewurk wie net fol te hâlden. Hylke de Haan fan dizze krite bleauwt wol lid fan it haadbestjoer. Fierder binne de krite fan Seist en Utert fusearre. De finânsjes fan it Boun binne gesûn en omdat in oantal aktiviteiten net troch gien is, is der sels jild oerbleaun.

In pear jier lyn is der in nei inisjatyf op 'e priemmen set mei de namme Plan 23. Dit hâldt yn dat minsken – fier of tichtby – e-mailstiper wurde kinne fan It Frysk Boun. Dit inisjatyf blykt in grut sukses te wêzen. Der

binne no al 120 e-mailstipers en se wenje net allinne yn Nederlân mar sels yn Nij Seelân, Kanada, Dútslân en Spanje. Oandacht en wardearring foar de Fryske taal en de Fryske kultuer is der dus in hiel protte.

Middeis wie de Moetings- en Ynspiraasjedei en dat betsjutte in ynlieding fan Lutz Jacobi, de direkteur fan de Waddenferiening en earder lid fan de Twadde Keamer. Lutz hâlde in gleone rede oer de betsjutting fan de Waddensee en fansels wie se tsjinstander fan it boarjen nei gas. Dit joech in stevige diskuzje en de emoasjes rûnen heech op. Al mei al wie der gjin oanlieding om jin te ferveren.

De dei waard ôfsluten mei in teaterfoarstelling mei de namme 'Myn skip'.

Dit wie tige oangripend. Want wêr gie it oer? Fryslân as seefarende naasje. It gie oer mânlju dy't al op jonge leeftyd de see op moasten om te fiskjen. En froulju dy't yn grutte eangst efterbleaunen en mar ôfwachtsje moasten of harren man ea wer werom kaam. We witte allegearre fan de rampen fan Wierum en Peasens wêr't hiele doarpen djip yn 'e earmoed kamen omdat sawat alle manlju op see yn 'e stoarm omkamen.

It wie in emosjonele foarstelling. We wiene der stil fan.



Humor is drôvige tinzen in noflike útfeart
besoargje.

OANTINKEN OAN IJMKJE (YMIE) ANTONIA MELCHERS-RATERMAN

Op freed 8 oktober 2021 hawwe we ôfskie naam fan ús kritelid Ymie Melchers. Mei in offeardiging fan ús bestjoer hawwe we de tsjinst yn de Willibrordustsjerke meimakke en dat wie in barren dat yndruk makke. Ymie is berne op 11 juni 1932 yn Sleat en stoarn op 3 oktober 2021 yn Boadegraven. 89 jier is se wurden. Wiidweidich kaam yn de tsjerketsjinst oan 'e oarder yn wat foar in leafdefol gesin Ymie yn Fryslân opgroeid is en ek hoe se letter mei eigen man en bern yn Boadegraven omgie. Ymie wie as mem de sintrale persoan yn har gesin en se wie foar eltsenien freonlik. Fan karakter wie hja gesellich en optimistysk. Al mei al wie it in hiele moaie tsjinst en in ôfskie fol mei tankberens. Jierrenlang wie se mei har man Durk, dy't al earder ferstoarn is, lid fan ús Fryske krite en de ferhâldingen wiene altyd posityf.

Al wit ik, dat nei tsjustere dagen dochs wer in ljochtsje komt.

Al wit ik, dat by tûzen fragen dochs wer in antwurd komt,
Ik wit, dat foar in hiel soad minsken der gjin ljochtsje utsjoch biedt
En dat foar in soad fragen in klear antwurd net bestiet.

Dochs bloeie der blommen dochs sjonge der fûgels,
Is de natuer in pronkjuwiel.

Dan wit ik, it libben mei elkoar diele besykje wat foar elkoar te fielen.

Binne der dan noch tsjustere dagen, lit dan in ljochtsje us fierder drage,
In blom, in fûgel, in bliid moetsjen, sa moatte wy inoar begroetsje
Dan wit ik, dat wat in minske jo jout, de leafde it ljocht is, dêr 't men op
bout.

(ûnbekende skriuwer)

IN FILMKE ÚT DE ûNDERDÛKERSTIID KAAM FOAR IT LJOCHT (2)

Ek kaam ik in berjocht yn 'e krante tsjin dat der yn Ingwierrum in nijsgjirrich filmke foar it ljocht kaam is. Mear as santich jier nei de Twadde Wrâldkriich hat it bliken dien dat in winkelman mei de namme Frans Kloosterman filmopnamen makke hat fan in Joads famke dat by harren in ûnderdûkadres krige. Frans Kloosterman en syn frou Geeske wiene aktyf yn it Fryske ferset en se brochten ferskate Joadse bern ûnder by adressen yn Fryslân. En sa kaam Lea Cohen, dy doe 8 jier wie by harren yn hûs. No pas hat bliken dien dat Kloosterman filmopnamen fan syn eigen bern en ek fan Lea Cohen makke hat. Mear as santich jier leine dy filmopnamen ergens op 'e souder yn Ingwierrum mar troch in tafal kwam it filmke foar it ljocht. Fansels binne Frans Kloosterman en syn frou Geeske allang stoarn mar de dochters Rixt (78) en Maaïke (74) libje noch en hja kinne noch in hiel protte oer dy tiid fertelle want Lea waard hielendal opnaam yn it gesin fan Kloosterman. Nei de oarloch kaam Lea wer by har heit en mem dy't op in oar ûnderdûkadres sieten. Ek it broerke Mordechai hie de oarloch oerlibbe.

Yn 1959 is Lea mei har âlders nei Israël ferhuze en dêr is se trout en krige trije jongens. Troch de jierren hinne binne de kontakten mei de famylje Kloosterman altyd bleaun. Sa is Geeske twa kear nei Israël west om har op te sykjen. Noch elk jier stjoert Lea in bak mei sinasapels nei Fryslân. Dit soarte fan filmkes is hiel unyk. Yn it hiele lân binne der mar fjouwer en yn Fryslân is dit de ienichste. De saak kaam oan it roljen doe't Otto Kuijpers fan it hystorysk sintrum Tresoar yn Ljouwert in foto fan Lea seach en begreep dat it in foto út in filmke wie. Hy is der efteroan gien en doe kaam alles los. It filmke is te sjen yn de tentoanstelling 'Wy kinne der



noch wol ien by ha. Joadse smokkelkinderen in de Tweede Wereldoorlog'. Oan it ein fan dit jier ta is de eksposysje te sjen yn Ljouwert.
(oersetting yn it Frysk troch Hâns Dijk)

LIMERICK: DE FROMME MÛS



In mûs yn 'e tsjerke oan 't befallen ta
moast in gaadlik plak foar de jongen ha.
Hja hat in bibel stikken kaud
en dêr in nestke fan boud
en fertroude har bern oan Gods wurd ta.
(Jantsje Oosta)

NIJE BOEKEN

Der binne de lêste tiid in stik of wat nije boeken útkaam dy't tige nijsgjirrich binne. Ik neam hjirre in pear en begjin mei de wichtichste.

1. 'Noordzijde 83; Het levensverhaal van Harmen Kooistra, 1890-1984 Van Warga tot Bodegraven'. De skriuwer is Ruud Kooistra. It boek is útjûn troch de Stichting Historische Kring Bodegraven. Dit boek fan 208 siden giet dus oer it libben fan de oprjochter fan ús Fryske krite. It is in ûnfoarstelber ferhaal dat der mei begjint hoe Harmen Kooistra op 22-jierrige leeftyd fanút Warga nei Boadegraven kaam, omdat der yn Fryslân praktysk gjin wurk wie mar wol in protte earmoed. Mei syn freon Albert Albertsma kamen se nei Bodegraven omdat se heard hiene dat der in nije tsiisfabryk wie, wêr't se personiel fregen. Syn hiele libben is Harmen yn Boadegraven bleaun. Mei syn frou Klazine van Dam krigen hja 18 bern en Harmen wie tige aktyf yn it sosjale libben fan Boadegraven. Sommige leden fan ús krite hawwe him noch meimakke.

2. 'Onder Frieslands Grauwe Hemel; François HaverSchmidt/Piet Paaltjes'. De skriuwer is Johannes Keekstra en hy is flak by Foudgum berne yn it lytse doarpke Boarnwert (Nederlands: Bornwird), by Dokkum. De skriuwer behannelt foaral it tiidrek doe't François HaverSchmidt dûmny wie yn syn earste gemeente Foudgum. Dêrfoar hie hy sân jier teology studearre yn Leiden en dêr hat hy in hiele moaie tiid hân. Hy wie tige geskikt foar it studentelibben mei drank en sterke ferhalen. Yn dy tiid bliek al dat hy eins allinne mar in dichter wie dy al op dy leeftiid lânlike bekendheid krige. Mar ja, yn 1859 op de leeftiid fan 24 jier waard hy – noch sûnder frou - dûmny yn Foudgum efkes boppe Dokkum. In lyts doarpke mei allinne mar kleiklúten en hurde koppen fan boeren. Dat wie foar dizze jonge dûmny net sa'n maklike tiid. Dit boek behannelt it bjusterbaarlike libbenspaad fan dizze ferneamde dichter, dy't berne is yn Ljouwert.



3. 'De hemelbouwer. Een biografie van Eise Eisinga'. De skriuwer is Arjen Dijkstra, direkteur fan it universiteitsmuseum yn Grins en fan syn fak wittenskipshistoarikus. De measten fan ús sille wolris it Planetarium yn Frjentsjer besocht hawwe en binne dus bekend mei dizze ûnfoarstelbere prestaasje fan dizze amateur-wittenskipper Eise Eisinga. Elk jier komme der tûzenden minsken nei Frjentsjer om it Planetarium te besjen en it ferhaal oan te hearren. Arjen Dijkstra hat in sekuere stúdzje makke fan it libben fan Eise Eisinga en hy komt ta de konklúzje dat der dingen ferteld wurde oer dizze man dy't net klopje. En dêr neamd hy in oantal foarbylden fan yn dit boek. Mar dat nimt net wei dat de skriuwer grutte wardearing hat foar dizze man. Hy hat in tige grutte prestaasje levere. Dêr is elk it oer iens. Yn dit kritekrantsje stiet mear oer dit boek.

4. 'It Bûsboekje 2022' is te bestellen op bestelle@busboekje.frl

DE WINTER

Winter is de stilte van snie
of it roppen op it iis
om hurder en hurder!
Wyn fluitet troch de neakene
tûken, ûnlijich is 't seizoen
en de minske ûnwennich.

It jier falt en it jier
komt oerein.
Lit net de mismloed winne,
lit net it âlde hearskje,
it nijjier ferget moed.

It Bern fan Bethlim gyng ús foar
en nimt ús mei
fan kjeld nei waarmte
en wachtsjen: Gean!

De winter is 't seizoen fan lok
en wat er meande...
Segen yn it nije jier!
(Jan Dotinga)



It is net nedich om belangryk te wezen, it is
belangryk om nedich te wezen.

IT PLANETARIUM YN FRJENTSJER (1)

Tini Broere lies yn 'e krante dat der in boek útkaam is oer it Planetarium yn Frjentsjer en de bouwer der fan Eise Eisinga. De measten fan ús sille wolris it tige ferneamde wurkstik fan Eisinga besjoen hawwe. It is dan ek bjusterbaarlik wat dizze man makke hat, dy't libbe fan 1744-1828. Hy hat yn 1774 oant 1781 it sinnestelsel op skaal neiboud. Jierliks komme der tsientûzenden minsken út binnen- en bûtenlân nei Frjentsjer om dizze yndrukmeitsjende prestaasje te besjen. Ek hjoed de dei kinne je de aktuele stân fan saken fan de planeten der noch op ôflêze, ynklusyf de moanne- en sinnefersjusteringen. It falt net te begripen dat ien man dit sa meitsje koe en dat noch wol yn de achttjende ieu, dus al in hiel skoft lyn. Dizze man wie echt geniaal, dêr is eltsenien it oer iens.

De skriuwer fan it boek, dat in skoftje lyn útkaam is, hjit Arjen Dijkstra. Hy is direkteur fan it Universiteitsmuseum yn Grins en hy is fan syn fak wittenskipshistorikus. Hy hat hiel sekuer in stúdzje makke fan it libben fan Eise Eisinga en in pear saken rjochtset wêrfan hy fynt dat dy net hielendal klopje. It binne misskien lytse dingkjies mar it komt faker foar dat der yn de rin fan de jierren bepaalde saken oergrysluk oerdreaun wurde en dan úteinlik net hielendal wier blike. Arjen Dijkstra hat allegearre âlde boeken, âlde geskriften en âlde brieven ûndersocht, ek yn Amsterdam en oare stêden. In hiel protte fan wat Dijkstra fûn hat wie net bekend en sadwaande koe hy it byld fan Eise Eisinga byskave. Sa fûn hy dat yn de universiteitsbibliteek fan Amsterdam de namme fan Eise ferkeard skreaun wie. Der stie ergens Else Eisinga en dy namme kloppe dus net. Dizze flater hie wer it gefolg dat fan Eisinga sein waard dat hy assistent wie fan in astronomysk ynstrumintenmakker en dat wie dus ek net sa. In twadde punt dat Dijkstra fûn hat, wie dat der sein waard dat Eisinga in ienfâldich ambachtsman wie, dy mei de hannel yn wol syn jild fertsjinne. Hy soe net folle skoaloplieding hân hawwe en himsels alles leard hawwe. Dijkstra is fan miening dat hjir neat fan kloppet. Eisinga krige les fan in

hiele deskundige learmaster. Dijkstra wie in hiel iverige en warbere learling en sadwaande koe hy op achttjennjerrige leafityd al in grutte hichte berikke. Wat dat lêste oangiet is der gjin ferskil fan miening. Eisinga wie in grut gelearde, mar hy hat net alles sels betocht.

In tredde punt is ek nijsgjirrich. Der wurdt sein dat Eisinga in ienfâldich man wie en net folle jild omhannen hie. Dijkstra wol dit bestride. Mei de hannel yn wol wie Eisinga in man dy't it skoan dwaan koe. Hy hie in protte minsken oan it wurk. Fryslân wie – neffens Dijkstra – tusken 1650 en 1750 in wichtige wolprodusint.

In fjirde punt makket it byld wer hiel oars. Minsken tinke dat Eisinga foaral op him sels wurke, sûnder help fan oaren. In bytsje in 'nerd'. No, dat is alhiel net sa. Eisinga wie in hiele sosjale burger dy't ek polityk aktyf wie. Sa wie hy lid fan it bestjoer fan de stêd (vroedschap) en hy waard letter in soarte fan deputearre fan de provinsje. Hy wie dus absolút gjin ienling. Ek fan belang is te fertellen dat je yn dy tiid de striid hiene tusken de 'Patriotten' en Prinsgezinden'. Dat gie der soms hiel fijannich oan ta. Der foelen soms deaden. Eisinga wie in oertsjûge patriot. Dat wolle de minsken no net sa graach mear hearre, mar it wie wol sa.

It boppesteande nimt net wei dat Eise Eisinga in ûnbidige prestaasje levere hat mei de bou fan it Planetarium yn Frjentsjer. Yn 1818 kaam Willem I op besite. De kening hie grutte wardearing foar Eise Eisinga en beneamde him ta 'Broeder der Orde van de Nederlandse Leeuw'. Yn dy tiid siet oan sa'n benaming noch in traktemint (pensioen) fêst. Yn 1782 kaam de kening fan Sweden en sa hie Eise Eisinga in protte ear fan syn wurk. Oant hjoed de dei ta steane we fersteld fan it Planetarium yn Frensjer en fan de deskundichheit fan de man dy't it makke hat.

(Oersetting yn it Frysk troch Hâns Dijk)

Yn it fjild

Yn it fjild is stilte kening
rêst regeart mei fêste hân.
Fûgels binne net te hearren,
krekt as leit de dau oer 't lân

Blommeknoppen binne sletten,
en it sinneljocht is skier.
Fan 'e beammen dript de dize
hjoed liket de maitiid fier.

Alles leit sa stil te wachtsjen
noch is alles griis en kâld
Dochs spat anst de dize stikken
en ferriist in nije wrâld
(Jurjen van der Meer)




SKIEDNIS FAN FRYSLÂN (3)

Fryslân wie eartiids in keninkryk. Dêr is eltsenien it oer iens. Dat wie sa yn de 7-de en 8-ste ieu en de kening hjitte Redbad. Hy is ferstoarn yn it jier 719 en onbekend is de datum fan syn berte. Fryslân hie yn dy tiid de namme 'Magna Frisia' of yn gewoan Hollânsk 'Groot-Friesland'. In probleem is dat der út dy tiid net sa folle opskreaun is. Dat is earst ieuwen letter bard. Wol hat de Romeinske historikus Tacitus yn it begjin fan de jiertelling wat op papier set. Hy wie fan miening dat de Friezen in moedich folkje wiene. Nei de dea fan Redbad is Fryslân stadichoan in diel wurden fan it Frankyske Ryk.

In skoftsje lyn hat it 'Keninklik Frysk Genoatskip foar Skiednis en Kultuer' diel 100 útbrocht fan 'De Vrije Fries'. Yn dizze útjefte stean njoggen beskouwings oer Kening Redbad. Alle bydragen binne tige nijsgjirrich. Fierder is it tretjehûnderste ferstjerjier fan de Fryske kening yn 2019 betocht mei trije wittenskiplike boeken, in

roman, in symposium, in iepenloftspul en in spektakelfilm. Ut al dizze aksjes blykt wol de bestjutting dy't Redbad hat foar de Fryske skiednis. Dúdlik moat wêze dat der allergearre sterke ferhalen binne wêrfan we graach wolle dat se wier binne mar dat moat lykwols sterk betwifelde wurde. Tige ferneamd is it ferhaal fan de mislukte doop fan Redbad. Dat gie sa. De evangeljepreker Wulfram hie Redbad sa fier krige dat er doopt wurde soe. Op it lêste momint dat dat barre soe frege Redbad of hy syn foarâlden en de oare Fryske keningen yn de himel moetsje soe. Doe't it antwurd 'nee' wie omdat se ommers as heidenen stoarn wiene, antwurde Redbad dat hy leaver yn de hel kaam by syn foarâlden en de oare



keningen dan yn de himel mei in suterig kristenfolkje.

Foaral de ridderromans fan de midsieuwen hawwe ynfloed hân op de reputaasje fan Redbad. De ferhalen oer syn striid en freonskip mei Karel de Grote moatte ek yn dit ljocht besjoen wurde. Redbad is in ikoan fan de Fryske skiednis. Sa kom je ek in ferhaal tsjin dat Redbad kening is fan Denemarken en stiid levert mei Karel de Grote oangeande de hearskippij oer Fryslân. Sommige skiedskriuwers neame de Fryske kening net Redbad mar Radboud. Sa soe de burgt fan Medemblik út 1517 troch Floris V boud wêze op de Fryske keningsburgt, de sit van 'coninc Rathboldt van Vrieslant'. We komme yn de literatuer ek Radbod, Radbode, Ratbot, Redbod, Redbald, ensfh. tsjin.

Ek wurdt yn de bydragen dy boppe neamd binne, opmurken dat yn de midsieuwen in protte ferskes songen waarden oer de grutte heldendieden fan kening Redbad. Sels yn Denemarken en Vlaanderen wie dit it gefal. De ynfloed fan kening Redbad is dus folle grutter west dan allinne mar yn Fryslân. Wierheid en romantyk rinne lykwols trochelkoar hinne. Sa soe de dochter fan Redbad mei de namme Theudesinde yn 711 troud wêze mei de soan fan de Frankyske hofmeier Pippijn II (635-714). Dit houlik soe in befêstiging fan de frede tusken de Friezen en de Franken wêze. No, en sa kinne we noch in hiele tiid trochgean...!

(Hâns Dijk).



Avesearje as jo tiid hawwe, dan hawwe jo tiid
as jo avesearyje moatte.

LIMERICK: DE DAMMER

In dammer dy 't kaam fan Teroele
dy wie op in kear op 'e doele.
De damskiven fleagen
yn 't rûn foar syn eagen,
hy mocht ek sa ferhipte graach sjoele.
(Grytsje Kingma)



DESIMBER

Ofskie
fan knoppen yn it foarjier
bloeisels yn de simmer
blêden yn de hjerst

ôfskie
fan ferwachtings fan it libben
wille fan de dagen
trienen fan de nacht

desimber
ôfskie

mar mei de lêste dei
komme knoppen, bloeisels, blêden
ferwachtings, wille, triennen
op 'e nij

yn tinzen wei
begryp ik
en dôchs
desimber
ik bin wiis mei dy.
(*Ytsje Hettinga*)



Alden leare bern praten, bern leare âlden
swijen.

KOROANA EN DE FAMILJE KAMERLING

Der waard my frege of ik wat skriuwe woe oer de tiid doe't de koroana útbriek en wat it my ús dien hat. No, wy hawwe it foarrucht dat we noch tegearre binne want dan belibje je soks oars as wannear 't je allinne binne. Snein 8 maart 2020... dat wie de dei fan myn jierdei, lokkich koene we dy

noch fiere mei ús gesin... mar yn dyselde wike briek it koronafirus út, ynfektearde hiel Nederlân, Europa, de gânse wrâld, neat mocht der mear, it feroare hiel ús libben en we moasten ús oan de regels hâlde, jo kinne se allegearre, it brocht ûnsekerheid, we waarden hieledal op ússels werom set, mar we hiene dy oare minsken sa nedich, alles waard ûntregeld, it waard sa stil om ús hinne, soms kamen de bersbern efkes foar it rût swaaien, in protte apps of tillefoantsjes, mar gjin oankroeperke, as hja wat boadskippen foar ús dienen, dan setten se it yn 'e skoarre, wy op ús leeftyd binne hiel kwetsber, ek de bern woene net dat ús eat oerkaam... mar it firus brocht in protte ûnrêst yn de mienskip en sa as it no is sjogge we it allinne mar slimmer wurden, soe dit ea wer oergean of moatte we leare om der mei te libjen... en dêrtroch binne der in protte minsken iensum.

Hat dizze tiid ús ek wat goeds brocht? Ja, wis en seker, minsken hawwe mear oandacht foar elkoar, we hawwe mear minsken in kaartsje stjoerd, as bemoediging, ek de tsjerke hie oandacht foar ús allegearre, in kalenderke en wat lekkers derby... mar ek de Fryske krite hat ús tige bedoarn en wat lekkers brocht, wat we bjusterbaarlik op priis steld hawwe... omsjen nei elkoar, it is dus echt gjin ferlerne tiid west, we waarden op ússels werom set mar we sykje dochs ek ferbining mei elkoar... en we binne wat bewuster libjen gien, we hawwe noch hope en betrouwen, der is Ien dy't ús libben yn Syn hannen hâldt, foar ús wie it in tiid fan gemis fan in protte minsken...

lykwols hiele moaie Krystdagen en...

litte we hoopje op it nij jier 2022, dat we wer wat mear kontaktyten krije meije...

(*Gré Kamerling*)

GEDICHTSJE

Wa't mei bûgde holle
troch it libben giet
sjocht inkeld stjerren
as er tsjin de muorre rint
(*Folkert Verbeek*)



Alle yntelligente minsken yn myn famylje
sitte yn it ûnderwiis, de oaren binne ryk.

**ALD JIER**

Beammen rikje nei de kime,
ekers eagje swart egaal,
alles azemt rêst en romte,
minsken komme op ferhaal.

Buorkerijen stean te dreamen,
yn in kâlde wite see,
krekt as tilt in hân ûnsichtber
alles op fan 't âlde stee.

't Alde jier krûpt stadich fierder,
hâldt de azem efkes yn...
stikem eagjend nei 't foarbye
hoopjend op in nij begjin.
(*Gjalt Huizinga*)



út in âld doaske



K ALINDER 2022



Folle Lok en Seine yn it nije jier